

# De paadsljochter

Nijsbrief fan de FNPjongerein



Nûmer 3 – juny 2011

## WY BINNE KOALYSJE!

Mei it ferskinen fan de tredde Paadsljochter is der wer in protte wurk ferset. Wy hawwe kampanje fierd, by de EFAY gearkomste op de Ålandseilannen west, in Riedsgearkomste yn Drylts bywenne en ús nije webside is yn 'e loft.

Graach sjogge wy jim op ien fan ús gearkomsten. De gearkomsten fan de kommisje FNPjongerein binne iepen en elkenien is wolkom. Yn septimber organisearret de FNPjongerein syn earste Algemiene Gearkomste. Kom del en praat mei!

Mei Fryske groetnis,

Jim FNPjongerein

### **Utneoging Algemiene Gearkomste FNPjongerein**

Op freed 23 septimber om 20.00 oere is der yn Café Wouters tsjinoer it stasjon yn Ljouwert in Algemiene Gearkomste foar de jongerein (alles oant en mei tritich jier) fan de FNP. It is de alderearste gearkomste fan de FNPjongerein. De aginda sil letter bekend makke wurde. Graach de jûn fan 23 sep. frijhâlde!

*PS de gearkomste is iepen, fragen kinne jim stjoere nei: [fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com)*

### **Kampanje yn Drachten en Ljouwert**

Spesjaal foar de ferkiezingskampanje foar de provinsjale steateferkiezings fan maart 2011 hat de FNPjongerein in grut ferkiezingsboerd meitsje litten mei de bekende gjalp "Ik hâld fan Fryslân". De sneons foar de ferkiezings wie de FNPjongerein op De Kaden yn Drachten en dêr hawwe wy mei ferskate minsken praat oer de politike takomst fan Fryslân en de wrâld. De Ljouwerter hegeskoallen hienen yn de ferkiezingsnacht yn de Harmony yn Ljouwert in ferkiezingsfeest - mei as namme "The Choice" - organisearre. De beide jûnen wienen in grut sukses. Us foarsitter Saapke hat aardich wat stimmen krigen en sawol it sintrum fan Drachten as de Harmony yn Ljouwert kleurden blau mei ús eigen FNPj brekljochten! Wy kinne weromsjen op in prachtich moaie kampanje!

### **Riedsgearkomste Súdwest-Fryslân**

28 maaie waard yn de nije gemeente Súdwest-Fryslân in beslút nommen oer Fryske plaknammen, it taalbelied, en de gemeentenamme. In lytse ôffurdiging fan de FNPjongerein hat nei Drylts west om de FNP-fraksje SWF yn aksje te sjen. De nije gemeentenamme is no definityf Súdwest-Fryslân wurden. Sawat alle politisy yn de gemeenteried fan Súdwest-Fryslân woenen it Frysk mear romte jaan yn it nije taalbelied. Mei dy twa punten wienen wy it folslein iens. It beslút oer de plaknammen wie minder nei 't sin. Neffens de jurist fan de gemeente wie it beslút fan Wymbritseradiel om oer te gean op eigen Fryske plaknammen net rjochtsjildich. Hokker grûnen de jurist dêrfoar hie waarden spitigernôch net neamd yn de riedsgearkomste.

### **FNPjongerein op ynternet**

De FNPjongerein wie al aktyf op Hyves, Twitter en Facebook. Midden yn de kampanjetiid hawwe wy noch dwaande west mei it opsetten fan ús eigen webside. Miskien hat ien fan jim noch ideeën foar de earste FNPj-promoasjefilm?

## **EFAy gearkomste op de Ålandseilannen**

Op sneon 16 april waard yn Mariahamn op de Ålandeilannen (Finlân) de gearkomste holden fan de European Free Alliance Youth (EFAy). De foarsitter fan de FNPjongerein Saapke Voolstra hat hjir hinne west as ôffurdiging fan de FNPj. It waard in hektyske gearkomste. Op ús webside stiet in wiidweidich ferslach oer dizze gearkomste. Spitigernôch is ús lid Chris van Hes net keazen yn it buro fan de EFAy.

## **Ekskurzje**

By ús lêste kommisje gearkomste die bliken dat der animo is foar in ekskurzje. Alles is mooglik. Wat te tinken fan in rûnlieding op it provinsjehûs? Wa wit soe in besite oan ús East-Fryske freonen fan Die Friesen wat wêze? Miskien hasto in goed idee. Tink mei en oer wat wy allegear dwaan kinne. Us e-mailadres [fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com) kin brûkt wurde om ideeën te spuien!

## **Keten**

Stadich mar beret docht ús keterapport fan 2009 fertuten. De Rie fan Steat hat in beslút naam oer de keten yn de eardere gemeente Wymbritseradiel (no Súdwest-Fryslân). De gemeente dêr hoecht net yn aksje te kommen tsjin de keten. It keterapport is no al yn 11 gemeenterieden bepraat. It goed ûnderboude rapport hat dus net om 'e nocht west. Op ús webside kinne jim mear lêze oer it beslút.

## **De FNP yn de koalysje**

De Algemiene Ledegearkomste fan de FNP yn Wurdum fan 27 maaie lêstlyn wie in feestlik barren. Der waard ôfskie nommen fan FNP-politisy, en der waarden nije politisy lokwinske dy't harren posysje ynnommen hawwe dêr't de partij foar fochten hat. De tiid nei de ferkiezings wie spannend. De FNP hat minder stimmen krigen - allegear wier - mar likegoed binne wy noch altyd de fjirde partij fan Fryslân. Wy koenen yn 2010 foar it earst yn twa gemeenten de grutste partij wurde, yn Skarsterlân en Gaasterlân-Sleat. Wy binne yn De Haach aktyf mei de OSF en yn Europa dogge wy mei yn de EFA. De partij brûkt de sosjale media om mei de efterban kontakt te hâlden, en mei 9 FNP wethâlders en 58 riedsleden wie de FNP op gemeentlik nivo al in echte bestjoerderspartij. Dat alles sjogge sawol de kiezers as politisy fan oare partijen. Wy binne stadichoan groeid en sterker wurden. Dêrom is it no de tiid om datjinge te dwaan, dêr't wy foar oprjochte binne, nammentlik it FNP-lûd no ek yn it bestjoer fan Fryslân trochklinke te litten. Wy hawwe der alle fertrouwen yn en winskje Johannes Kramer, de earste deputearre yn de skiednis fan de FNP, in hiel protte súkses ta!

## **Aktive leden binne altyd wolkom!**

Fynst it moai om op paad te wêzen en meiprate te kinnen oer de wrâld om dy hinne? Miskien hasto in takomstfisy foar Fryslân en wolsto dy no mei in entûsjaste groep minsken útwurkje? Dat kin allegear! Belje mei Wolter Jetten op nûmer 06 1011 9849 of stjoer e-mail nei [fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com).



# **Ik ♥ Fryslân**

[www.fnpj.nl](http://www.fnpj.nl)



[fnpjongerein](https://www.facebook.com/fnpjongerein)



[fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com)



[@fnpjongerein](https://twitter.com/fnpjongerein)